

Wedstriidaginda KF Easterein

Datum	Partij	Soart	Kategory	Oanfang
Sneon 30 april	<u>Keninginne-partij</u> <i>Fanôf basisskoalle</i>	Leden KF / Leden Oranjefer.	Manlju A/B t.i.l. Manlju Ferdived. t.i.l. Froulju A/B t.i.l.	10.00 10.00 10.00
Stiper:	Oranjeferiening Oranje & Heitelân		Jongerein o/m 16 jier	10.00
Woansdei 11 maaie	<u>Kniplokaeltsje-partij</u>	Leden KF	6 - 7 jier t.i.l. 8 - 9 jier t.i.l. 10 - 11 jier t.i.l. 12 - 13 jier t.i.l.	13.00 13.00 13.00 16.00
Stiper:	Kapsalon 't Kniplokaeltsje - Easterein		14 - 16 jier t.i.l.	16.00
Snein 15 maaie	<u>K.N.K.B.</u>	Famkes 14-16 jier	Ofdieling T.i.l.	11.00 12.00
Stiper:	B. Sandstra Handel, Transport- en Opslagbedriif			
Sneon 21 maaie	<u>Van Krimpen-partij</u>	Leden KF/ Fed. Snits	6-7 jier (ledenparty) 8-9 jier 10-11 jier 12-13 jier	10.00 10.00 10.00 10.00
Stiper:	Autoschade Service van Krimpen		14-16 jier	10.00
Snein 22 maaie	<u>Witteveen&Brouwer-partij</u>	Leden KF	Manlju t.i.l. Froulju t.i.l. Ferdivedaasje t.i.l.	12.00 12.00 12.00
Stiper:	Autobedriif Witteveen & Brouwer - Blauhûs-Easterein			
Tongersdei 2 juny	<u>Couperus-partij</u> Allinne froulju mei sefte bal!		Manlju t.i.l. Froulju t.i.l.	12.00 12.00
Stiper:	Couperus Hydrauliek - Easterein			
Snein 12 juny	Pearkekeatsen <i>Foar 1 jan. 14 jier, 1 lid KF per pearke</i>		Frou/man f.f. A + B + C klasse	12.00
Stiper:	Murks Slagerij - Wommels, Willem Overall Montage - Easterein Peter Sijbesma Duo Bouw Timmerbedriif - Easterein			
Woansdei 15 juny	Ledenpartij	Leden KF	6-7 jier t.i.l. 8-9 jier t.i.l. 10-11 jier t.i.l.	13.00 13.00 13.00
Stiper:	Couperus Hydrauliek - Easterein		12-13 jier t.i.l.	16.00
Tongersdei 17 juny	<u>Gebr. Vellinga-partij</u> Jeu de Pelote – Finales kompetysje	Leden KF/Fed. Snits	Manlju A/B ôfd. Froulju A/B ôfd.	18.00 18.00
Stiper:	Int. Handels- & Transportbedriif Gebr. Vellinga B.V. - Easterein			

Datum	Partij	Soart	Category	Oanfang
Sneon 2 july Stiper:	<u>K.N.K.B.</u>	Jonges 14 -16 jier	t.i.l A + B klasse	10.00
		Acconnam adviseurs en accountants – Franeker		
Sneon 9 july Stiper:	Bos party	Leden KF	6-7 jier t.i.l. 8-9 jier t.i.l. 10-11 jier t.i.l. 12-13 jier t.i.l.	10.00 10.00 10.00 10.00
		Bos Mechanisatie Easterein		
Sneon 16 july Stiper:	<u>Okkema-partij</u>	Leden KF/Fed.Snits	Manlju A f.f. Manlju B f.f. Manlju C f.f. Froulju A f.f. Froulju B f.f.	12.00 12.00 12.00 12.00 12.00
		Leanbedriuw Okkema - Easterein		
Sneon 23 july Stiper:	<u>Posthuma-partij</u>	Leden KF	Manlju t.i.l. Froulju t.i.l.	12.00 12.00
		Posthuma Skildersbedriuw - Easterein		
Sneon 23 july	Lotting Jong-Feintepartij Ferieningsgebou 'De Skoalleseize'			20.00
Snein 24 july Stiper:	<u>Alder- bern partij</u>	Leden KF	foar kabouters, welpen,pupillen en skoaljeugd	13.00
		Pake's en Beppe's – Easterein e.o.		
Woansdei 27 july Stipers:	K.N.K.B. - Junioaren ôfdieling <i>4e woansdei fan july</i>		Jong-Feintepartij	11.00
		Jong-Feinte stipergroep		
Snein 14 augustus Stiper:	K.N.K.B.	Senioaren frije formaasje		11.00
		Grafische Groep Van der Eems - Easterein		
Freed 19 augustus Stiper:	<u>MRW-partij</u>	Nachtkeatsen Leden KF	6 - 7 jier t.i.l 8 - 9 jier t.i.l 10 - 11 jier t.i.l 12 - 13 jier t.i.l	19.00 19.00 19.00 19.00
		MRW Accountants - Snits-Gorredijk		
Freed 26 augustus Stiper:	<u>MRW-partij</u>	Nachtkeatsen Leden KF	Manlju t.i.l. Froulju t.i.l.	21.00 21.00
		MRW Accountants - Snits-Gorredijk		

Datum	Partij	Soart	Kategory	Oanfang
Freed 2 septimber	Ofslúting seizoen jeugd		kabouters, welpen 1e jiers pupillen 2 jiers pupillen, skoal- jeugd en 14-16 jier	16.00 16.00 20.00 20.00
Stiper:	A.P. van der Feer - Boalsert			
Snein 4 septimber	De Jong partij <i>Foar 1 jan. 14 jier</i>	Leden KF	Manlju t.i.l. Froulju t.i.l.	12.00 12.00
Stiper:	Installatiebedrijf De Jong - Easterein		Manlju Ferdivedaasje	12.00
Snein 11 septimber	Stiperdei	Stipers KF	Manlju/ Froulju t.i.l. Sêftebalkeatsen, 3 listen	13.00
Snein 11 desimber	Sealkeatsen	Leden KF	Manlju / Froulju t.i.l.	13.00
Stiper:	A. Hak Infranet B.V. – Swolle			
Snein Jan/febr	Muorrekeatsen	Leden KF	10 – 11 jier 12 – 13 jier	13.00 13.00
Stiper:	A.P. van der Feer - Boalsert			

- **Opjefte ledepartijen senioaren:**

Jikke Velzen, Dobbelân 3, Easterein, 06 - 14 40 61 23

E-mail: opjefte@kfeasterein.nl

**At der gjin befêstiging werom komt, is de e-mail net
goed ûntfongen en steane je net op de list!!**

Wedstriden op woansdei:

opjaan moandei foar 20.00 oere.

Wedstriden op freed:

opjaan woansdei foar 20.00 oere.

Wedstriden op sneon:

opjaan tongersdei foar 20.00 oere.

Wedstriden op snein:

opjaan freed foar 20.00 oere.

- **Ynlis:** € 3,00 de dielnimmer de partij.

- **Opjefte ledepartijen jongerein:**

by jimme teamlieder fia de knipkalinder.

Wedstriden op woansdei:

opjaan sneon foar 20.00 oere.

Wedstriden op freed/sneon:

opjaan moandei foar 20.00 oere.

- **Ynlis:** fergees

(jonges en famkes fan 14 jier en âlder, dy't dielnimme oan de senioarwedstriden moatte wol € 3,00 ynlis betelje)

Taljochting bysûndere ledepartijen

- Ledenparty - tongersdei 2 juny
 - Op fersyk fanút de ledegearkomste keatse de manlju dizze dei mei in gewoane keatsbal en de froulju mei in sêfte bal.
- Pearkekeatsen - snein 12 juny
 - De krite hat twa fakken en is 18 meter fan lingte. Nei 4,5 meter leit in twadde foarline foar de manlju.
 - De frou stiet foar yn de krite yn in fak fan 4,5 by 4,5 meter. De man stiet efteryn, nei de twadde foarline.
 - De man mei de bal wol slaan dy't yn it fak fan de frou komt, mar hy mei it fak net betrêdzje. Yn elts gefal net earder dan dat de bal slein is.
 - Op de opslach fan de frou mei de man fan de tsjinpartij net yn ien kear boppeslaan.
 - Sawol de froulju as de manlju slaan efter de line as by de prop wei, wêr as se bygelyks wei slaan kinne. Wy ferwachtsje fan de keatsers dat sy by de stuiten weislaan. De net-keatsers bepale harren opslach sels. Mar de minimum ôfstân is 14 meter.
 - De frou mei mei har opslach foar en efter yn 'e krite komme. De man mei allinnich efteryn it perk komme mei syn opslach.
 - Der wurdt mei in gewoane keatsbal keatst.
 - Neist boppesteande rigels binne de spulrigels fan it Fryske keatsen fan tapassing op it pearkekeatsen.
- Alder-bern partij – snein 24 july
 - Foar de kategoryen kabouters o/m de skoaljeugd.
 - Der wurdt 3 x lotte, nei 3 partijen wurde de foar- en tsjinearsten byelkoar optelt.
 - Der wurdt lotte op sterkte en net op kategory/leeftyd.